


6-6-'82

# 'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Sytske Dykstra-Bouwhuis, tel. 2968  
 Richt Speerstra-Bakker, ,, 2635  
 Rients van Buren, ,, 9280  
 Marten Kikstra, ,, 9269  
 Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Ineke Dykstra-v.d. Meer

OMSLACH: Albert van Lingen Jr., Wergea

REDAKSJEADRES: Sylroede 5

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829 t.n.v.  
 Rabobank Bolsward, rek.nr. 3087.56.800  
 t.g.v. It Skieppesturtsje Tjerkwerd.

.....  
FOARWURD:

Tussen Sint en Kerstmis komt de redaktie van het Tjerkwerder (Schettenser!!! volgens de L.C.) Skieppesturtsje met de laatste editie van 1982 uit.

Wat is het jaar weer omgevlogen. Een jaar met veel energerende gebeurtenissen, die U verderop in de kopie van onze Dorpsomroeper kunt lezen.

Ook al is hij wel eens wat van de hak op de tak, toch stellen we zijn bijdragen altijd zeer op prijs. U toch ook? Mocht U zelf iets voor het volgende krantje hebben, lever het dan in voor 15 februari bij één van de redactieleden.

Zoals we de laatste 5 jaar gewend zijn, wil de redaktie ook dit jaar weer aan een persoon of vereniging een Skieppesturt uitreiken.

Dit gebeurt zoals gewoonlijk op het Nieuwjaarsbal om ± 10 uur 's avonds. Wie zal het zijn? U misschien?

Wist U wel, dat de opbrengst van deze avond tenbete is van de Stichting "It Waltahûs?"



Verder wensen wij iedereen erg gezellige Kerstdagen en een goed uiteinde toe; en hopen U allen op het Nieuwjaarsbal een goed 1983 toe te kunnen wensen.

R.v.B.

: :-: :-: :-:

### Berichten van de Dorpsomroeper.....

Terwijl in ons Friesche landschap de wolken weer laag over de velden hangen en men de berijpte natuur alweer heeft kunnen waarnemen, zal het ieder wel duidelijk zijn dat de winter weer zijn intree kan doen. Zo wisselen de jaargetijden zich af.

Vooreerst een korte opsomming van het afgelopen jaar 1982:

- 1 Jan. Hoogste Dorpsonderscheiding werd uitgereikt
- begin dit jaar veel IJspret
- 30 Jan. Eensgezindheid 60 jaar
- 14 Febr. Kerkkoor 25 jaar; een zestal leden worden gehuldigd; in de Dorpskrant prachtig verslag op rijm! Mijn Complimenten Mevr. Gaastra-Holtrop.
- Febr. De D.O. maakt de brildragers onder de Eierzoekers er op attent: laat tijdig uw glazen bijstellen;
- Geslaagd Carnaval;
- elf jonge muzikanten geslaagd aan de Muziekschool;
- Een dubbelkwartet van Con Spirito behaalde voor de 3de keer de Wisselbeker;
- Bejaardensoos wordt goed bezocht.
- 18 Maart: J. Blanksma raapt in Tjerkwerd het eerste Kievitsei;
- E.H.B.O. 2de in Bolsward;
- Jelly de Haan neemt Wisselbeker in ontvangst van de Kaartclub;

- 15 April: Zuster Bakker 25 jaar bij Oranjeoord;
- 28 April: Twee leden van Eensgezindheid worden van de ene dag in de andere in de adelstand verheven;
- Een aantal Pedaleurs uit ons dorp fietst de Elfstedentocht;
- De Wandelroute weer zeer in trek;
- De tachtigjarige R.G. de Jong biljartkampioen 1981-1982;
- Sportvereniging organiseert het verlate Verjaardagspartijtje van onze Vorstin met Sport en Spel;
- De D.O. op bezoek bij P.B. aangaande de Gelderse Paarden die deze man bezit;
- Tuinwedstrijd 1982: Bekerwinnaar M. v.d. Wal  
Mevr. Haarsma-Lootsma
- 14 Sept. de Kaartclub van start;
- Damesvoetbal: na afloop namen enkelen een bad in de Trekvaart
- P. Huitema wint Wielerronde Gaast-Ferwoude
- 27 Aug. Dorpsfeest
- Oct.: Bejaardengymnastiek ook weer van Start
- 6 Oct.: Peter Rozenberg en Dorpsomroeper gaan met het Openbaar Vervoer rond het IJsselmeer.
- 13 Nov. Toneelavond Waltahuis
- P. Hendriks schrijft dat er dit jaar minder schepen de brug gepasseerd zijn dan het vorige jaar
- Vooral ook mijn Complimenten aan de schrijver over de 100-jarige molen in de Dorpskrant de no.: 3, 4 en 5
- Verder alle besturen van onze Plaatselijke Verenigingen Sterkte toegewenst in 1983
- 25 Sept.: Eensgezindheid brengt enige schone liederen bij de Grote Balstien in Warns, waar de mensen als muggen op afkwamen, ten gehore.

Op de 13de October j.l. in de Melancholieke herfstnevelen vliegt de trekvogel van Agt het Catshuis uit.

De L.C. schreef: een fietser stapt op.

Een aantal Kiezers en dan denk ik vooral aan de ouderen die de 8ste Sept. op van Agt hadden gestemd zich dunkt mij wel enigzins teleurgesteld gevoeld hebben.

Maar er deed zich nog iets eigennaardigs voor nl. toen alles bijna in kannen en kruiken was in ons nieuwe Kabinet dook er nog een ééndagsvlieg op, op één van de Ministeries die zich Doctorandus noemde en een hoge functie in het leger zou hebben gehad.

Maar helaas, u weet de afloop: met wat zakgeld wat hem toegezegd werd, vloog hij binnen enkele dagen eveneens het Catshuis uit.

Persoonlijk heb ik ook wel eens van zo iets gedroomd, maar werd gelukkig altijd nog op tijd wakker.

Maar er kan van alles geprobeerd of omgebogen of bevroren worden, het geld is eenmaal op en wie dan aan het roer staat is niet te benijden.

Begin 1983 met ruim 600.000 werkelozen; U wist dit wel maar als men het dagelijks leest of voor het grijze oog waarneemt, zal het voor een ieder van ons geen Zalvende Kanselboodschap wezen.

Wij kunnen alles proberen, maar het is allemaal net als met het doen van een Pleister op een gebroken been.

---

Uitreiking Prijzen T.W. 1982:

Nogmaals Hartelijk dank zoowel voor uw komst als voor uw Geldelijke bijdrage, eveneens aan het Bestuur v.d. Ver. D.B. die ook een bijdrage gaf.

Zoo blijft tuinieren en het ontvangen van een Prijs een jaarlijks feest.

Ben benieuwd naar de 1ste jan. 1983 ± 10 uur 's avonds in het Waltahuis, wie de hoogste Dorpsonderscheiding krijgt omgehangen. Het is nu eenmaal niet niks!

Het doet mij denken aan die man die tegen zijn advocaat zei: Kakelen kunnen wij allemaal wel, maar ..... eieren leggen daar gaat het om!

---

Gerrit de Lange van de Prov. Brug op de van Panhuysweg 12 gaat binnenkort op fam. bezoek in Amerika. Goede reis en behouden thuiskomst toegewenst!



Tenslotte: Vertrek en Binnenkomenden:

Degenen die dit jaar uit ons dorp naar elders vertrokken:  
het beste toegewenst en de binnenkomenden een goed verblijf  
onder ons.

Goede Kerstdagen en een Prettige jaarwisseling toegewenst.

Met h.gr. van de Dorpsomroeper.

=&=&=&=&=&=

Berjochten fan 'e "Oranjeferiening"

Op freed 19 nov. hiene wy ús jierlikse ledegearkomste.  
Jelte Speerstra iepene de gearkomste en koe 28 leden it  
wolkom taroppe.

Dêrnei wurden de oantekeningen en it ferslach fan de  
ponghâlder foarlêzen.

Doe folge de bestjoersferkiezing. Jelte Speerstra wie  
ôftredend en nei 6 jier net wer kiesber. Mei in grutte  
mearderheid oan stimmen waard Jan Galama keazen.

Jan hat oer syn beslút lang sitten te skytskoarjen, mar  
naam it doe dochs oan. Wolkom yn it bestjoer!

Anny Hiemstra wie nei 3 jier wer kiesber en waard mei  
algehiele stimmen wer keazen.

Nei de ferkiezing betanke Jehannes Dykstra út namme fan  
elkenien Jelte Speerstra foar alles wat hy yn dy 6 jier  
foar de feriening dien hat.

Nei it skoft waard de kaskommisje beneamd foar kommend  
jier en dat binne wurden Tsjalke v.d. Meer en Hein Gietema.

Dêrnei wie de besprekking fan de kommende feestlikheden,  
en doe kamen de tongen goed los.

Der kamen in protte ideeën op tafel, wêr't it bestjoer  
harren koppen no mar ris oer brekke sille.

Nei ôfrin hat Wim Steggerda de film dy't er makke hie fan  
de optocht, oan ús toand op video, en it wie prachtich  
om it allegearre nochris werom te sjen. Tige tank hjirfoar.

.....

## Yntocht Sinteklaas

Sneon 27 nov. kaam Sinteklaas mei 3 Pyten yn Tsjerkwert oan. Dit jier kaam er mei de boat fan Hille Schakel. Hille hie harren ophelle, omdat Sinteklaas syn grutte boat yn Makkum yn 'e slûs stekken bleaun wie.

De boat fear troch it doarp en it korps rûn dermei op, mei fansels in protte bern.

Sinteklaas waard wer "groots" yn helle. By it Waltahûs oankommen, gong Sinteklaas noch hast te wetter. Omdat de boat net hielendal by de kant komme koe, moast de âld man in hiele sprong nimme, en dat foel net ta. Mar lokkich gong alles noch goed. It muzyk spile bûten noch wat en doe gong it hiele spul yn "it Waltahûs," en dêr hongen wer allegearre prachtige tekeningen en hânwurkjes dy't de bern makke hiene foar de wedstriid.

De útslach wie:

Jongste kleuters: 1. Maura Falkena; 2. Anke Witteveen;

Aldsté kleuters: 1. Gijsbert Nijenhuis; 2. Marijke  
Dijkstra.

Klasse 1 en 2: 1. Sjoerd Huisman; 2. Robert Tiesma.

Klasse 3 en 4: Femmy Tiesma en Carolien Draaisma hiene mei har beiden ien tekening makke, dy't yn 'e prizen foel. Hja moasten sels mar útmeitsje wa't de 1e of 2e priis krige.

Klasse 5 en 6: 1. Alie Feenstra; 2. Joost Huisman.

Alle peuterkes fan it boarterssealtsje krigen fan Sinteklaas in mûske of in kikkert foar de prachtige plaktekening dy't hja makke hiene.

It jongste bern dy't wat tekene hie foar Sinteklaas wie Tonny Witteveen en hy is hast 2 jier.

Der moasten ek wer hiel wat bern by Sinteklaas komme, en der waard hiel wat foar him ôfsongen.

De Piten hiene it fansels ek wer tige drok en fleagen troch de seal hinne en wer of wie it neat. Hulten pipernuten waarden de seal ynsmitten en doe't Sinteklaas

mei syn gefolch om in oere of 3 wer fuort gongen, hie de measten dan ek al aardich wat pipernuten efter de kiezzen.

By de doar krigen alle bern noch in lyts presintsje in mandarijn mei, en wiuwden Sinteklaas en syn gefole fanôf de Kade út.

.....

Fierdersoan winsket it bestjoer fan 'e Oranjeferienienissen elkenien in noflike kryst, gesellich úteinde en in gr 1983 ta.

Joke Schukken.

=====

Dames van Tjerkwerd en omstreken,

Ondanks dat de winter en de ijspret ons nog te wachten staat, zijn wij al weer druk in de weer om jullie een uk reisje te bezorgen.

Zoals U al gehoord heeft, hadden wij ons opgegeven bij Termeulen Post in Rotterdam. Wij hebben bericht gehad wij worden op vrijdag 15 april 1983 verwacht.

Het programma ziet er als volgt uit:

Vertrek 6 uur uit Tjerkwerd; rondleiding Postorderbedrijf; winkelen in het warenhuis en aan het slo bezichtiging Euromast.

Kosten bedragen f 35,--, waar tevens nog een lunch bij inbegrepen is.

Willen wij 's avonds nog een diner, dan komen de kosten er extra bij en dan zijn we ook later thuis.

Mocht U van plan zijn om mee te gaan, dan zouden wij graag voor deze ene keer willen, dat U het volledige bedrag betaalt, wanneer U zich opgeeft.

Opgeven kunt U bij één van de onderstaande adressen (graag zo spoedig mogelijk): mevr. K. Nijenhuis, Kerkstraat mevr. A. Kroontje, Singel; mevr. S. de Jong, Waltaweg; mev. A. Wijngaarden, Waltaweg; mevr. J.E. de Vries, Waltaweg.

Bestuur en leden V.V.



## 100 Jier Beabuorster mole

As wy jûns sa foar de T.V. sitte en we sjogge yn it nijs hoe't hjir as dêr yn in lân rûn de evenaar in fulkanyske útbarsting west hat, moatte hjirtroch soms tûzenden minsken evacuearre wurde.

We tinke of sizze dan soms: hoe kin dy lju dêr ek wenjen gean, wylst se wol witte, dat der ienris wer sa'n útbarsting komme kin.

Krektlyk sille dy lju, dy't boppe seenivo wenje, sizze: -hoe kinne dy minsken yn dat stik fan Hollân wenjen gean, dat se Fryslân neame, it is ommers in dobbe, dy't fier ûnder de seewetterhichte leit en yn it ferline al wit-hoe-faak fol rûn is.

De Beabuorster mole hat 100 jier lang in stikje fan dy dobbe boppe wetter hâlden.

De bedoeling fan dit neiskrift is ris te sjen, hoe djip dy dobbe is en wêr it wetter bedarre is dat de mole der útmeald hat.

No wurde alle wetterhichten, lân- en dykhichten yn ús lân mjitten fanút it "Normaal Amsterdams Peil" (NAP). Dit NAP is yndertiid fêststeld troch in peal yn it IJ te slaan by Amsterdam, mei dêryn in izeren bout dy't de hichte oanjout fan it gemiddelde heechwetter fan de Sudersee, doe't dy noch net ôfsluten wie troch de Ofslútdyk.

Sa leit bygelyks de hichte fan it wetter yn 'e lânfearten, as de mole it wetter op "peil" hat, 1,20m ûnder NAP. As we dan as fergelyk ris sjogge, dat it stik seedyk tusken Ofslútdyk en Harns 9,50 m boppe NAP leit, dan is der dus in ferskil fan 10,70 m tusken de krún fan dizze dyk en it wetter yn ús lânfearten.

No wol dat net sizze, dat mei in dyktrochbraak hjir 10 meter wetter op it lân kaam te stean. Mar neffens in dykwacht út Surch wie it foar 1963, doe't de dyk noch op 6,50 m boppe NAP lei, gauris dat mei min waar der stikken wetter oer de dyk fleagen.

Nei de Seelânrampe fan 1953 is dêrom dit stik seedyk ferhege ei 9,50 m boppe NAP.

De Beabuorster mole dy't 450 ha lân bemealt fan it 28.000 ha grutte "Marnelân", hat dit wetter altyd al meald yn de Fryske boezem. Dizze boezem fan opfearten grutte farweters en marren hat in opperflakte fan 14.900 ha en wurdt op in hichte hâlden mei in simmerpeil (SP) fan 50 cm ûnder NAP en in winterpeil fan 65 cm ûnder NAP. Wurdt dit peil te heech dan lit men troch de sluzen by Dokkum en Harns, as it tij en de wyn dit talitte, wetter yn see fleane.

Sa simmerdei sil dit him faaks wol rêde, mar as der yn 'e hjerst bergen wetter falle en alle molen en gemalen de boezem omheech bringe, rint dit faak speak. Foaral as de Noardewyn it seewetter opjaget en sadwaande de sluzen fan Harns en Dokkum gjin wetter kwyt kinne, wurdt de Fryske boezem te heech.

De beide grutte gemalen, it "ir. Woudagemaal" yn Lemmer en it "I.L. Hooglandgemaal" yn Starum, moatte dan soargje dat it te folle wetter yn it Ysselmar meald wurdt. Dizze gemalen mei de gemalen út de oare provinsjes, ferheegje fansels it peil fan dit Ysselmar. Boppedat komt it wetter fan de Yssel, dy't in tsiendepart fan it Rijnwetter meikriget, hjir ek noch yn út.

De Rijn, dy't yn it foarjier op syn meast mei 10.000 m<sup>3</sup> per seconde oer de grins komt, soarget dus foar 1.000 m<sup>3</sup> Ysselwetter per seconde.

No heart dit wol in protte, mar as we sjogge hoe 'n grutte flakte fan Europa it snie en reinwetter troch de Rijn kwyt moat, is it ek wol wer te leauwen.

Sa'n Ysselmar hat ek twa peilen: yn 'e simmer 20 cm ûnder NAP en yn 'e winter 35 cm ûnder NAP. Dat is dus altyd noch 30 cm heger as de Fryske boezem.

De minsken fan de sluzen yn de Ofslútdyk "de Stevin- en Lorents-sluzen) kinne harren wetter dus langer op 'e Wadden-see kwyt as dy fan de sluzen yn Harns en Dokkum.

Nei dit útstreamen of spuien fan wetter nei see moat men rekken hâlde mei eb en floed. In tij fan floed nei floed duorret rom 12 oeren. Yn dizze 12 oeren kinne de slúsdarren om-en-de-by 4 oeren iepen.

By leech wetter troch Sudewyn kin dit wol ris wat langer wêze, mar it bart ek wol dat mei in stoarmige rite út it Noarden, der yn 3 dagen net in slúsdoar iepen kin.

Hoefolle wetter as der troch dizze sluzen giet, blykt wol út it folgjende: wannear 't it Ysselmar 1 cm sakke is, dan is der 12.000.000 m<sup>3</sup> wetter nei see gien. As dit wetter dan yn see is, begjint alles wer op'e nij. Troch ferdamping op see en lân ûntstiet bewolking, wêrút ús reinwetter dan wer falt. Allinne, soms wol en soms net op in eagenblik dat ús dat past. Yn in groeisume simmer hat men fakentiids in bytsje fekânsjewaar. Mar ek in droege simmer, hoe ideaal foar strân en camping, bringt syn problemen mei. Likegoed as te folle wetter in lêst is, mei te min giet it ek net.

As we witte, dat in fatsoenlike beam sa simmerdei wol 4.000 liter wetter deis brûkt en dat in HA-biten yn in simmer sa'n 1,5 miljoen liter nedich hat, dan is it te begripen, dat it simmerdei net sa lang sûnder reinen kin.

De ferdamping fan lân en boezem is simmerdei al gemiddeld 10 mm deis. Hjir komt dan ek út fuort, dat der simmerdeis gemiddeld sa'n 400 miljoen m<sup>3</sup> wetter ynlitten wurde moat.

Lokkich dat dit no ûnbepert kin. Doe't de Ofslútdyk der noch net wie en de Sudersee noch sâlt wie, koe dit net. En dan koe it barre, dat lyk as yn 'e drûge simmer fan 1911 en 1929, de kij dwers troch alle fearten hinne rûnen om hjir as dêr in hap gârs te finen; dat de boeren hâlden en kearen hiene om wat drinken foar de bisten te finen, faaks troch it graven fan djippe wellen of putten yn it lân.

Mar doe't yn 1932 de Ofslútdyk klear kaam en yn 1934 it Ysselmarwetter net mear sâlt wie, wie ek dizze ellinde oplost.

Sa giet der by Lemmer en Starum hiel wat wetter hinne en wer. Simmerdeis it ynlitten en yn 'e hjerst en winter it útmeallen troch de beide grutte gemalen: by Lemmer it "ir. Woudagemaal", it grutste stoomgemaal fan Europa. Foar leafhawwers hjirfan in genoegen om te sjen.

- In tsjettelhûs mei fjouwer grutte Lancashire tsjettels (fjoergang flampiip-type) mei in stoomdruk fan 14 atmosfeer. De stoom, dy't nei de machinekeamer giet en dêr de 4 prachtige stoommasinen fan it tandem



compoundtype oan it draaien makket.

Elke stoomsachine makket op syn bar wêr twa centrifugaalpompen oan it draaien. Dit alles yn sa'n prachtige oppoetste- en ûnderhâlden steat, dat jo suver oanstriid krije om der by sliepe te wollen.

Dizze acht ûnderslach-centrifugaalpompen kinne 4.000 m<sup>3</sup> wetter yn 'e minút it Ysselmar ynpompe.

Yn in "etmaal" wurdt dit krapoan 6.000.000 m<sup>3</sup>. Sa 't de chef-masinist fan it gemaal sei, is dit sawat de ynhâld fan de Snitsermar.

No moatte we net ferjitte, dat as der 10 mm wetter falt, der dan 320000 HA dy't it gemaal bemealt, der dan 32.000.000 m<sup>3</sup> wetter fermeald wurde moat.

Mar hoe lytser de Fryske boezem waard (yndykjen boezemlân) en hoe mear elektryske gemalen der kamen, hoe beswierliker it foar dit grutte gemaal waard it wetter op 'e tiid fuort te krijen.

Sa waard besluten om yn Starum in elektrysk gemaal te bouwen. Dit "I.L. Hooglandgemaal" kaam yn 1966 klear.

It wurket mei fjouwer pompen, dy't oandreaun wurde troch fjouwer elektromotors fan elts 570 PK. Dit prachtige, grutste elektrysk gemaal fan Europa, kin 6.000 m<sup>3</sup> wetter yn 'e minút út 'e Fryske boezem nei it Ysselmar pompe.

It wurdt meastal earst yn wurking setten, wylst it stoomgemaal byspringt as dat nedich is. Ek al om't in elektrysk gemaal mei ien draai oan 'e knop, úteinset. It stoomgemaal hie foarhinne mei stienkoal 12 oeren stoken en letter op gas 4 oeren wurk om ûnder stoom te kommen.

.-.-.-.

Sa wurdt dan de dobbe, wêr't wy yn wenje en ús bestean yn fine, boppe wetter hâlden en ek wer fan wetter fersjoen as dat nedich is.

Wetter en lân binne soms de grutste fijannen en soms binne se net los fan elkoar te tinken.

Mar ien ding is wis: alle muoite dy't der dien is en alle jild wat der útjûn is foar wetterbehearsking - as it no wie

foar it opheegjen fan in terp, as foar de âld dyk wêr't Johannes Dykstra syn hynders op rinne, foar Caspar de Robles syn seedyk, foar it oprjochtsjen fan in wetterskip, foar it bouwen fan in mole as in grut stoomgemaal, as foar it meitsjen fan in Ofslútdyk - it is der altyd dûbbel en dwers wer útkommen.

En dan begripe jo net hoe't yn 1983 sa'n toer wêze moat om it noedlikste stikje seedyk fan Fryslân by Sjoukeshoek-Noorderleeg (5 m + NAP) op hichte te bringen. Mar de regearing hat no besluten, dat it foar 1990 wol klear komme sil.

We sille hoopje, dat de see der sa lang op wachtsje wol, want as er dat net docht flucht it wetter oan Ljouwert ta, as dit stik dyk it bejout.

Fansels, de kosten binne heech mar it hoecht op 't lêst net mear mei de lodde en de budde.

En dat der op 'e pleatsen efter dizze seedyk swaailjochten oantrocht binne om efterlizzers te warskôgjen, jout dochs te tinken!

Wat dy kosten oangiet, dan sille der ek wolris lju wêze, dy't 13 heech yn in flat wenje en harren net begripe kinne wêrom as se foar in wetterskip betelje moatte. Mar as der 12 ferdjippingen ûnderwei spiele, komt de 13e fansels ek yn it wetter en dêrom moatte wy der meielkoar foar betelje; de oedering by de wetterskip-oanslach jout ek dúdlik oan wêrom en wêrfoar der betelle wurde moat.

Sa is it ek mei alles wat der yn de takomst noch dien wurde sil oan wetterbehearsking, it sil ús agraryske streek allinne mar t'n goede komme; as it no is foar de djipûntwettering foar "Wûnseradiel-Súd" as foar it meitsjen fan nije gemalen en wetterlopen, it komt der grif wer út.

Mar fansels, it kostet in berch jild en de iene is der foar en seit: "se kinne moarn om my begjinne" en in oar is der op tsjin en seit: "it leit my sa wol nei 't sin."

Der sil noch hiel wat oer iggewearre wurde, krekt sa as dat de iuwen troch altyd west hat.

En as jo dan efkes de eagen ticht dogge, sjogge jo se beide stean: Twa stiennen mannen - de foarsitter fan "It Marnelân" (J. v. Gosliga) en de foarsitter fan "Wûnseradiel-Súd" (W. Schakel) op 'e kanaalsdyk, de iene mei de holle nei de mar en de oare mei de holle nei it Noarden. Dykje as hingje! Terminus.

Pier Zijssling.

P.S. Troch in lesfout haw ik as twadde moleman Talsma neamd, dit moat wêze P. Tolsma, de pake fan Piet Tolsma.

Mei tank oan:

Redaksje fan "It Skieppesturtsje";  
Wetterskip "it Marnelân", Boalsert;  
Wetterskip "Fryslân", Harns;  
Direksje sluzen Koarnwertersân;  
,, "Ir. Woudagemaal", Lemmer;  
,, "J.L. Hooglandgemaal", Starum.

Oare boarnen:

Geakundich Wurkferbân, Fryske Akadeemje;  
Fryslâns ferline fan H. Twerda;  
Seediken fan ir. Walter/ir. Rienks;  
"Strijd tegen het water", P.C. Bins.

=/=/=/=/=

Neiskrift fan 'e redaksje:

Doe't de redaksje Pier Zijssling frege om wat oer de Beabuorster mole te skriuwen, hie se net tocht dat der sa'n fleurich en òskundich wurkstik oer 4 ôfleveringen folgje soe. Mar..... it kaam klear en hoe!

Pier Zijssling, tige tank foar alle wurksumheden; faaks sizze Jo of oaren: "wij klimme foar it Skieppesturtsje yn 'e pinne". Graach.

De redaksje.



=====

Hjirby wolle wy jimme hertlik betankje  
foar alle lokwinsken, blommen, taarten  
en kado's, dy't wy krigen ha by de  
berte fan

HUBERT-JAN

Yeb - Trudy - Eduard - Anke  
en Tonny Witteveen,  
Beabuorren.

=====

25 Jaar E.H.B.O.-Tjerkwerd:

Enkele weken terug gleed er een envelop door de brievenbus van alle leden van de E.H.B.O.-ver. Tjerkwerd. Het was een uitnodiging om op 30 nov. in "Zalen Miedema", Iemswâlde 9, samen dit jubileum te vieren; was getekend: De Feestcommissie, welke met name mag worden genoemd: Tine Miedema, Hinke Twijnstra en Akke Gietema.

Na aankomst op 30 nov. jl. in een prachtig versierde kamer, vonden we het jammer, dat er geen fototoestel paraat was. Maar niet getreurd, we begonnen met koffie + gebak. Na de eerste nieuwtjes uitgewisseld te hebben, heette Akke G. ons van harte welkom, namens de commissie.

Hierna deed Tine uit de doeken, wat er de laatste 25 jaar gebeurd is. Leuke dingen passeren de revue; we krijgen het tweede bakje met slagroom. Er wordt op aangedrongen om toch maar vlug het officiële gedeelte door te werken.

Dus begint ook Bouwe H. voor te lezen uit eigen werk. Deze keer over de financiële kant van de E.H.B.O.-vereniging.

Hierna krigen we het derde bakje koffie met heerlijke cake voorgeschoteld.

Janny Poelstra geeft uit naam van Dorpsbelang een envelop met inhoud; ook de heer Kolkena en een gastlid gaven een financiële bijdrage.

Na dit officiële gedeelte kregen we van Hinke formulieren met 20 vragen. Dit werd een kleine E.H.B.O.-quiz. We kregen 10 minuten om in doodse stilte de problemen op te lossen. Er waren zelfs prijsjes te winnen. De uitslag was over het geheel wel aardig positief, temeer als je bedenkt, dat je de hele zomer geen E.H.B.O.-stof hebt doorgenomen.

Om ongeveer 10 uur worden de 10 aanwezigen weer voorzien van schalen vol met lekkere hapjes. Hierna heeft Hinke weer een leuk spelletje voor ons in petto. We noemen het "sekjeknipe". We hadden een lang stuk touw met ± 21 zakjes eraan vast, waaraan we moesten voelen wat er in zat. U zult begrijpen, dat dit lachen geblazen was.

Er werden ons nog meer lekkernijen voorgezet.

Nu kwam Hinke met een heel groot stuk papier aanzetten, waarop vele figuren getekend waren. Hieruit konden we wel meer dan 20 verschillende spreuken en gezegden zoeken; ook dit was erg gezellig.

Intussen was het reeds half 12, maar voor we vertrokken, hebben we nog een overheerlijk slaatje genuttigd. Om 12 uur was dit, voor ons grootse Jubileum, dan afgelopen.

We kunnen terugzien op een zeer geslaagde avond. En we hopen, dat we de E.H.B.O. over de komende 25 jaar, kunnen laten groeien en bloeien.

Akke de Haan.

P.S. Hierbij nog Hulde aan de Feestcommissie.

## Verslag 25 jaar E.H.B.O.-vereniging:

Op 18 okt. 1957 kwam het plaatselijke Dorpsbelang bijeen, met als doel een E.H.B.O.-ver. op te richten.

Na wat heen en weer gepraat slaagde men er in en werd een bestuur gekozen, nl. de heer A. Kloosterhuis voorz., mevr. B. Walinga-Brouwer secr. esse en mevr. M. Dijkstra penm. esse. Een week later werd materiaal aangeschaft en werd de aanvangscursus gestart met 15 cursisten. Dr. Miedema gaf de theorie- en de heer S. Anepool de praktijklessen, die 19 avonden duurden.

Door huwelijk, ziekte en vertrek bleven 10 cursisten over, die het examen aflegden en allen slaagden.

In 1959 werd weer een nieuwe cursus gegeven met 14 cursisten, waaronder onze tegenwoordige voorzitter de heer P. Tolsma. In datzelfde jaar werd een huis-aan-huis-kollekte gehouden, die f 253,-- opbracht.

In 1960 werden de herhalingslessen gehouden met 18 cursisten, weer onder leiding van Dr. Miedema, de heer Anepool en onze tegenwoordige leider (kaderinstructeur) J. Kolkena van Bolsward.

Op 14 juli 1961 werd een jaarvergadering gehouden. De voorzitter kon 17 van de 18 leden welkom heten, eveneens het nieuwe lid A. Gietema-v. Wieren, die door huwelijk hier is komen wonen.

In deze vergadering werd een bestuursverkiezing gehouden. A. Kloosterhuis werd herkozen, terwijl M. Dijkstra secr. esse en P. Tolsma penm. werden. Op 2 nov. 1961 deden voor het eerst 2 leden mee aan een oefenavond, nl. P. Tolsma en M. Dijkstra. Ze hadden hier wel aardigheid aan, zodat ze op 8 april 1962 meededen aan de Kringwedstrijd, mede versterkt door mevr. B. Kuipers. Dit 3-tal behaalde een 3de prijs.

In 1963 werd op 18 jan. een hulppost ingericht in de consistorie, i.v.m. de elfstedentocht op de schaats. Er werden 12 gewonde en vermoede elfstedentijdgers behandeld.

Op 5 april 1963 werd er weer door 3 leden deelgenomen aan de Kringwedstrijd; leider P. Tolsma, A. Gietema en M. Dijkstra helpsters. Weer eindigden ze op de 3e plaats.



23 Okt. 1963 was er een ledenvergadering. Door vertrek van voorzitter Kloosterhuis moest er een nieuwe gekozen worden. P. Tolsma werd voorzitter, B. Bak penm., secr. bleef M. Dijkstra.

In 1964 werd wederom een nieuwe cursus georganiseerd met 12 cursisten. Hiervan bleven maar 3 over, die elders anders examen moesten doen, daar niets voor voelden, zodat er niemand van overbleef.

Op 12 dec. 1966 is P. Tolsma naar Dedgum geweest om te vragen, samen een nieuwe cursus te organiseren. Dit kon niet doorgaan, want Dedgum voelde er weinig voor om met Tjerkwerd te oefenen.

In 1967 werden de herhalingslessen gegeven door Dr. Miedema en Kolkena.

In 1968 besloot het bestuur om het nog maar eens te proberen een nieuwe cursus van de grond te krijgen. Dit lukte. Op 13 jan. 1969 startte de 4de cursus met 17 nieuwelingen. Tot en met 14 april werd er geoefend. Op 3 nov. werden de lessen voortgezet; 13 deden examen op 26 jan. 1970.

P. Tolsma en penm. B. Huitema vertegenwoordigden ons op de receptie van het 25-jarig bestaan van de Bolwarder E.H.B.O.

Op 24 nov. 1972 waren 5 leden aanwezig op de receptie van de fam. Kolkena, ter ere van hun 25-jarig huwelijk.

In 1973 werd besloten om de oefenavonden bij de leden aan huis te houden, dit in verband met het drukken van de kosten. J. Kolkena nam de algehele leiding over, omdat Dr. Miedema bedankte. 15 Febr. 1974 was er een oefenavond in het nieuwe "Waltahûs" te Tjerkwerd. Er waren + 120 personen aanwezig. De avond was zeer geslaagd.

Op 24 maart 1974 behaalden P. Tolsma, A. Gietema en U. Schakel een 3de prijs op de Kringwedstrijd.

In 1976 was er niet veel nieuws te melden; er waren nog 10 leden; A. Feenstra-Hurghgraef haakte af.

1977: Ons ledental was dalende; R. Speerstra-Bakker bedankte evenals onze secretaresse M. Dijkstra, die naar Sondel verhuisde. T. Miedema nam haar taak over.

In 1978 waren we niet zo actief, niemand deed mee aan de wedstrijd; Bolsward ging met de eer strijken.

In 1979 bedankte U. Schakel, maar Akke de Haan kwam als gastlid bij ons, daar zij de herhalingslessen op maandagavond in Bolsward niet kon bijwonen. Zodoende bleef ons ledental op 7.

In 1980 deden P. Tolsma, A. Gietema en H. Twijnstra mee aan de Kringwedstrijd; een 2de prijs was hun beloning; er werd vooruitgang geboekt.

1981 Mag wel het succesjaar genoemd worden: Akke Gietema, Hinke Twijnstra en Tine Miedema wonnen op de Kringwedstrijd de 1ste prijs. Dat hield in, dat we op 25 april mee moesten doen aan de districtswedstrijd te Drachten. In vak 4 eindigden we op de 1ste plaats. De 4 ploegen die op de 1ste plaats eindigden in hun groep, moesten nog een keer om de eer strijden. Rauwerd won met 112 p. Tjerkwerd 2de met 110 p., Holwerd 3de met 96 p. en Dokkum 4de met 86 punten. Een hele eer voor onze kaderinstructeur Kolkena.

De Kringwedstrijd op 22 maart 1982 werd gehouden in de Doele te Bolsward. Ook hier deden Akke, Hinke en Tine aan mee. Ze behaalden een 2de prijs.

Janny Poelstra-Hitman behaalde in Bolsward haar E.H.B.O.-diploma. Zodoende kregen we er een nieuw lid bij, die zeer welkom was.

Mevr. Velema bezocht onze oefenavonden als gastlid, evenals Akke de Haan.

Ons ledental is momenteel 7 leden en 2 gastleden.

Met dit verslag hebt u het een en ander gehoord over de afgelopen 25 jaar van onze E.H.B.O.-ver. Tjerkwerd.

T. Miedema.

=====

Bydragen binne kommen fan: frou Gietema-Hoekstra, Waltawei; B. Ydema, Boalsert; H. Witteveen, Parregea; D. Nijenhuis, Tsjerkstrj.; S. Miedema, Iemswâlde; frou Koopmans, Singel.

Us hertlike tank foar jimme bydrage.

Voor de komende feestdagen hebben we  
weer heerlijke salades.

Salades voor de Kerstdagen kunt u be-  
stellen vóór 20 december.

Salades voor Oud en Nieuw kunnen besteld  
worden vóór 27 december.

Met vriendelijke groeten,  
de beheerders van het Waltahûs,  
Marten en Geert.

#### BOARGERLIKE STAN:

De ôfdielingen Beabuorren en Pytsjepôlle wiene dizze kear  
oan bar mei útwreidingen fan it ynwennertal fan ús doarp.  
Op 30 oktober waard by Yeb en Trudy Witteveen in jonkje  
berne, dy't de nammen HUBERT-JAN meikrige.  
Op 23 novimber waard yn it gesin Tiesma in famke berne en  
har namme is LAURA.

Tongersdei 23 dec. trout Iekje de Zwart, fan Waltawei 49,  
mei Ben Soolsma. Sy bliuwe wenjen yn Tsjerkwert.

Fierders hawwe inkelde doarpsgenoaten harren nei wenjen  
set "yn 'e stêd". Durk en Akke Bakker hawwe harren thús  
no yn Huylokenstein, wylst frou Tsjikke Tolsma nei 't  
Heechhout ferhuze is.

We hoopje, dat sy dêrre in noflike tiid hawwe meie.

(=) (=) (=)

#### SPORTVERENIGING Tjerkwerd:

29 dec. a.s. Tafeltennistoernooi: 15.00 uur: jeugd;  
19.00 uur: senioren.

4 febr. 1983: Ledenvergadering.

Alle aktiviteiten worden in "It Waltahûs" gehouden.



## Snypsnaren .....

- Marten Kikstra en Anneke van Buren hawwe gelikense brillen. Wa hat no in heare- of in damesmodel ???
- in stik oer de mole fan Jehannes Dijkstra komt yn it folgjende no.. Reden : te folle wyn.
- op sneon 1 jannewaris organisearret it bestjoer fan it Waltahûs wer it Nijjiersbal. Jo kinne dan moai Jo doarpsgenoaten it Nijjier ôfwinne en tagelyk gewaar wurde wa't Skieppesturt fan it jier 1982 wurdt !!
- ús pleatselike herder en leraar Dirk N. wurdt meikoarten degradearre fan Skieppesturt ta Brijbek !!!!
- Meinze Poelstra hat twa Janny's. Ien as frou en ien as mesyklerares.
- op 'e Sinteklaasjûn fan Eensgezindheid wie de Eensgezindheid fier te sykjen. der kamen twa Sinteklaazen opdaagjen en dy twa rekken deilis. der sneuvele sels in staf. de echte(?) Sinteklaas kaam mei blaue plakken thús. de jûn slagge mei twa Sinten en sûnder Pieten lykwols tige.
- de âld-bakkerij is ferkocht. der wurdt sein dat der in antykman yn komt. dan sil it gebou ek wol wer te keap wêze.
- op 26 febrewaris hâldt ús korps Eensgezindheid de jierlikse útfiering. dizze kear ûnder lieding fan de nije froulike diriginte : juffer Canrinus. der wurdt sein dat se de manlike leden rejaal ûnder de tomme hat.
- de pleatselike E.H.B.O hat in nij spultsje betocht: sekjeknipe. op 'e earstfolgjende kringwedstriden sille Tine Miedema, Pyt Tolsma en Bouwe Hùitema foar ús doarp knipe.
- de nijmoadrichste boer yn ús gea is Okke S. Postma. de kij rinne dêr mei in sinder om 'e nekke. as se oan bar binne mei't melken, bestelle se sels troch middel fan dy sinder en in compjûter harren biks. meikoarten komt der in boerd op 'e stâl mei : SELF SERVICE .
- ús moleman Wiebe Koopmans krige 4 liter jonge kleare. ús advys oan Koopmans : trochmealle.
- om't wij yn 1983 mei in nije opset starte is it nédich, dat de kopy úterlik 15 febrewaris ynlevere wurdt.

*[Handwritten scribble]*

